

TA DE ETYMOLOGY FAN DE PLAKNAMME DE TIKE EN NEDERLÂNSK VEEK

Arjen Versloot


Zusammenfassung

*In der Provinz Fryslân finden wir einige Toponyme vom Typus Deek und Ti(e)ke. Die Bedeutung dieser Namen ist nicht von vornherein klar, aber Wörter in den angrenzenden Bereichen der 'Frisia', das heißt von Zeeland bis Nordfriesland, zeigen etymologische Verwandtschaft zu diesen Toponymen. Dabei handelt es sich um die Wörter vêêk in Zeeland, deek oder diek in Holland, teek in Ostfriesland und teek, tiak, teeki in Nordfriesland. Die unterschiedlichen Vokale und Konsonanten lassen sich nur miteinander in Einklang bringen, wenn wir auch in den heute nicht-friesischen Gegenden von einem friesischen Substratwort ausgehen. Auf diese Weise läßt sich ein altfriesisches *thêke rekonstruieren, wobei das ê auf ein germanisches ê¹ zurückgeht. Es handelt sich um eine Ablautform von germ. *þak-, das wir auch in den Wörtern Dach und bedecken finden. Die unterschiedlichen modernen Belege bedeuten fast überall 'organisches Material, das das Wasser bedeckt'. In den Küstenbereichen bezieht es sich besonders auf Treibgut am Strand, im Landinneren, nämlich in den Toponymen in Fryslân, hat sich die Bedeutung zu 'Torf' weiterentwickelt. Zwei fast identische Einzelbelege in den Handschriften von J. Halbertsma - tjiik, tjyk 'Torf' - dürfen wohl mit dem gleichen altfriesischen Grundwort in Verbindung gesetzt werden, obwohl ihre genaue phonologische Herleitung einige Schwierigkeiten bereitet.*

1. Materiaal

Yn dit artikel behannelje ik in oantal Fryske toponimen. It giet om de fjildnammen *Tieklân*, *Deeklân* en de plaknamme *De Tike*. De stúdzje besiket ek in etymologyske ferklearring te jaan foar it hapax legomenon *tjiik*, dat yn de taheakke behannele wurde sil.¹

1. Mei tank oan Oebele Vries, dy't my in oantal âldere opjeften fan *deeckland* oanrikte en my dêrmei op it spoar fan de toponimen sette. By it ûndersyk fan de toponimen is gebrûk makke fan it geografyske bestân fan toponimen dat oan de Fryske Akademy ûnder myn lieding opboud is (en noch útboud wurde sil).



Foarkommen fan de toponimyske eleminten deek-, diek-, ti(e)k- neffens de 'Spahr-kolleksje' en de topografyske kaarten fan Fryslân. Undergrûn binne de moderne gemeentegrinzen.

Yn de samling toponimen op 'e Fryske Akademy, bekend ûnder de namme 'Spahr-kolleksje', en yn it register fan de Grutte Provinsje Atlas fan Fryslân komt in oantal nammen foar mei *deek-*, *ti(e)k-* oan it begjin. De sprieding is op 'e kaart werjûn. De nammen mei /d-/ lizze oan in mar. It *Tiekelân* yn it súdwesten fan Dantumadiel leit yn it leechfeangebiet boppe Feanwâlden. It oare gefal fan *Tiekelân* en it doarp *De Tike* lizze tsjinwurdich op it sân, mar yn alle gefallen by it doarp *De Tike* is sprake fan fergroeven heechfean. Yn de atlas fan Schotanus/Halma (1718) fine wy dizze delsetting op 'e kaart fan Tytsjerksteradiel oantsjut as *Sumeerder Tieke*; dêrby lâns rint

de *Tieke Sloot* en in *Tieke Tille* leit krekt efkes noardliker. Noardeastlik fan it plakje stiet “Vergraven Landen”, wat slacht op turfstekkerij. Op ‘e kaart fan Smellingerlân komt de namme *Tieke* ek foar (ûnder Nyegea).

De plaknamme *De Tike* is neffens Spahr van der Hoek (1962, 23) ek oerlevere as *Optecken*, mar út it ferbân wurdt net dúdlik dat it ek echt op *De Tike* slacht. De foarmen by Schotanus/Halma binne fan datoangeande wissler en slute ek better by de moderne foarm oan. As de oantsjutting *tike/tieke* ienkear in persielsoantsjutting foar (fergroeven) feangebiet wurden is, soe it yn de foarm fan *Optecken* = “op de tieken/feangrûnen” wol in meartal krije kinne, lykas *lân*, *fean* en *grûn* dat ek kinne.

Oebele Vries (RUG) wiisde my op ‘e oantsjutting *deekland(t)*, *deeklanden*, dy’t hiel wat kearen foarkomt yn it Register fan de Oanbring fan Wymbritseradiel (Toppenhuzen, Twellingea, De Hommerts, Jutryp, Goaiïngea) út 1511. Nijsgjirrich is dat de gefallen fan *deek-* op it boppesteande kaartsje (*Deeklân/-land*, *Deeklânssleat*) yn it doarpsgebiet fan Jutryp lizze en dus eksakt yn de krite dêr’t de histoaryske foarkommens ek teplak binne. Dy omkriten besteane út leechfean.

In earste hâldfêst foar de etymology fan boppesteande foarmen jout it *Etymologisch Dialectwoordenboek* fan A. Weijnen (1996) mei it lemma *deek*, *veek*, *vaak*, *vèek*, *diek*, *daak*, *daok* mei as betsjutting ‘aangespoelde ruigte’. De fersprieding is neffens Weijnen: Seelân, Hollân, Utert, Noardeast Oerisel. Hy ferwiist nei in Frysk *teek* mei deselde betsjutting. Dat lêste sil in Eastfrysk *teek* wêze moatte; yn it Wlfr. bestiet it wurd sa net, yn it Eastfrysk al. Neffens Weijnen giet it om in ôflieding by it tiidwurd *dekken* en it soe tsjutte op guod dat it wetter bedekt. Foar de fariaasje yn lûden ferwiist er nei in parallel foarbyld: *weel* - *waal* - *wiel* ‘draaikolk’. Neffens De Vries en De Tollenaere (1997) giet it dêr om in oarspronklike Germaanske \bar{e}^1 . Foar de konsonantwiskel oan it begjin fan it wurd wiist Weijnen op ‘e parallel fan Flaamsk *deemster* - Heechdútsk *finster*.

It artikel *veek(e)* yn it WNT bringt ús noch wat fierder.² It wurd is Súd-hollânsk en Sieusk en betsjut nêst ‘aangespoelde ruigte’ ek ‘kroos, vlotgras enz., dat ze bij het schoonmaken van waterlopen, met een oude zeis, naar de kant halen en daar laten drogen en later wel als mest onderploegen’. Ek neffens it WNT giet it hjir om in wurd mei Germaansk \bar{e}^1 . It WNT wiist der op dat yn it grutste part fan it gebiet it wurd net itselde lûd hat as ‘skiep’, dat sûnder twivel in Germaanske \bar{e}^1 hat. ‘Skiep’ is yn it Sieusk nammentlik *schaep* mei /æ:/. Dy tsjinstelling fertsjinnet neier omtinken. Lokaal komt op

2. Mei tank oan P. Duijff, dy’t my dêrop wiisde.

Duiveland wol /væ:k/ foar, dêr't de hyperkorrekte stavering *vaak* út ûntstien is. Fierders wurdt ferwiisd nei Leechdútske gefallen fan *feek* en *veken* yn Oldenburch en de omkriten fan Bremen en Hamburch. It WNT leit ek in relaasje mei *deek*, ensfh., mar lit iepen at de /d/ of de /v/ no primêr is. Fierders wurdt ûnder oaren nei Löffstedt (1928, 49) ferwiisd.

Löffstedt fiert foarbylden út ferskate Noardfryske dialekten op (hjiir yn normalisearre stavering): Sylt *teeki*, Hilgelân *teek*, *tööken*, Föhr *tiak*, Hallogen *teek*, Ockholm en Mooringelân *täik*. Dêr kin hjiir Amrum *siak* noch oan taheakke wurde.³ De Sylter foarm lit Löffstedt kwa komôf iepen, mar de rest wiist ek neffens him op Germaansk *ē*¹. Fierders komt it wurd neffens Löffstedt as *teek* yn Eiderstedt en Eastfryslân foar en as *tege* yn it Súdjuetsk fan de omkriten fan Ribe. Böning (1998) jout it foar it Oldenburchsk as *Feek* en *Deek*.

2. It totale byld oant no ta

De hjiirboppe opjûne wurden beheine har yn har fersprieding ta it Fryske taalgebiet, de gebieten dy't Frysktalich west hawwe, of direkt oanswettende gebieten. De sprieding fan de ûnderskate foarmen is sa: It Sieusk en Súdhollânsk hawwe *veek*, ensfh. It WNT seit ûnder ferwizing nei H. Teuchert dat de Leechdútske foarmen mei /f/- en /v/- Nederlânske ynfloed binne. It Westfrysk (Pannekeet 1984) hat *deek*, *diek*, wat oanslút by de foarmen fan toponimen yn Wymbritseradiel. Fierders fine wy yn de toponimen yn it easten fan Fryslân en it fierdere (eartiids) Fryske gebiet foarmen mei /t/-: Eastfryslân, Hilgelân, Eiderstedt, Noardfryslân. Yn it Grinslânsk komme foarmen fan dit etymon net foar. Troch ûntliening is it wurd ek yn it Saksysk (it troch Weijnen neamde *daok*) en Súdjuetsk telâne kaam (*tege*).

It stamlûd fan de ûnderskate foarmen wurdt yn de literatuer algemien as fuortsetting fan Germaanske *ē*¹ sjoen. De wiksel tusken /v/, /d/ en /t/ < /þ/ wurdt net ferklearre. Wol wurde parallellen yn oare wurden neamd.

De betsjutting is rûnom dy fan guod (benammen planten, reid, kroas ensfh.) dat op it wetter driuwt en/of op it strân oanspielt. De betsjutting fan de toponimen yn de provinsje Fryslân is lykwols net bekend. In goede etymology fan de plaknamme *De Tike* is oant no ta net jûn (Van Berkel & Samplonius 1995).

Trije punten fertsjinje neffens my neier omtinken:

3. Meidieling fan Jarich Hoekstra.

- I. falt der mear te sizzen oer de ferhâlding tusken /v/ en /t/?
- II. is it komôf fan it stamlûd wol sa wis?
- III. hoe ferhâlde de betsjuttings har ta inoar en ta de toponimyske eleminten?

3. De begjinkonsonant-kombinaasje

Sa't yn oare boarnen al opmurken is, sjogge wy de wiksel tusken /v/ (of /f/), /d/ en /t/ wol faker. De Sieuske en Hollânske /v/ yn anlaut geane yn 'e regel op in âldere Germaanske /f/ tebek. De kombinaasje fan /t/ yn it dialekt fan Föhr en /s/ yn de Amrumer foarm wiist op in Aldfryske /þ/. Ferlykje Föhr *teenk*, Amrum *seenk*, Wlfr. *tinke*, Ingelsk *think*.

De bylûden /þ/ en /f/ binne fonetysk nei besibbe. It iennichste ferskil is dat de /þ/ dentaal is en de /f/ labiodentaal. Ien fan beiden moat út de oare ûntstien wêze. Ik wyt fan twa oare gefallen yn it Frysk dêr't /f/ en /þ/ wikselje:

I Yn it Westerlauwerske Frysk hawwe wy it pear *tsjil* -*ffil(d)* (sj. Århammar 1969). Yn dat gefal moatte wy fan Germaansk **hweul*, Oerfrysk **hwiāl* > Aldfrysk *fīāl* útgean. De foarmen mei /tsj/ binne út dy mei /fj/- ûntstien.

II In oar pear is Nederlânsk *dweil* - Noardhollânsk en Skylgerfrysk *feil*. It wurd is besibbe oan Goatysk *þwahan*, Sylterfrysk *taui*, 'waskje'. It yn it Westerlauwersk Frysk foarkommende *dweil* moat dus op grûn fan de /d/- in lienwurd wêze út it Nederlânsk, want oars hie it **tweil* wêze moatten. At *feil* yn de Skylgerfryske dialekten it oarspronklike Fryske wurd is of dat it letter út Noard-Hollân ûntliend is, is net út te meitsjen.

Yn it earste foarbyld is de /f/ primêr, yn it twadde de /þ/. De wiksel tusken beide foarmen wiist dus net automatysk nei de iene as de oare kant.

De foarmen mei /d/- kinne fonetysk net streekrocht út dy mei /f/- ûntstien wêze (as /f/ al primêr wêze soe). Hollânsk /d/ strykt mei Aldfrysk /þ/: ferlykje Aldfrysk *thinka*, Hollânsk *dinke*, Standertnederlânsk *denken*. Foar de Nederlânske en Hollânske foarmen moatte wy in stimhawwende /ð/ as tuskenstadium oannimme. As /þ/ primêr is, bewize de foarmen út Súd-Hollân en Seelân mei /v/ < /f/, dat yn dy omkriten Germaansk /þ/ stimleas

bleaun wie, lykas yn it Aldfrysk.⁴ In Hollânsk toponym as *Torp* (by Den Helder) = Wlfr. *terp* < Afr. *thorp*, *therp* bewiist dat de autochtoane ûntjouwing fan Germaansk /p/ ek yn it Noardhollânske Frysk⁵ dy fan /p/ > /t/ west hat. Foar it hiele Hollânske en Sieuske kustgebiet moatte wy dus fan in stimleaze /p/ útgean. Ik nim oan dat de foarmen mei /d/ troch lûdsstitútúsje neffens it model fan Germaansk /p/ = Aldfrysk /p/ = Nijfrysk /t/ = Ndl. en Holl. /d/ ûntstien binne. Dêrút folget dat de foarmen mei /d/ yn Fryslân (Wymbritseradiel) allinnich as ûntlieningen út it Hollânsk beskôge wurde kinne.

De Hollânske foarmen mei /d/ wize dus nei in eardere /p/ (/d/ is ommers regelmjittich lûdsstitútúsje foar /p/ en net foar /f/). Dat bestjut dat fierwei de measte hjir behannele foarmen op /p/ weromgeane en allinnich dy fan de súdwestlike kustgebieten op /f/.

Gearfetsjend yn tabelfoarm:

(1) Germaansk /p/ > Aldsieusk /f/
of Germaansk /f/ > Aldfrysk /p/

(2) Aldfrysk /p/ > Nijfrysk /t/
Aldfrysk yn Hollân /p/ (> Nijfrysk /t/) => lûdsstitútúsje Hollânsk /d/
Aldsieusk /f/ > Sieusk /v/

Ik bin fan betinken, mei it each op it feit dat de measte gefallen fia /p/ ferklearre wurde moatte, dat de /p/ primêr is en /f/ dêrút ûntstien, mar wy meie in primêre /f/ net alhiel útslute.

4. *It stamlûd*

Alhoewol't Löffstedt, it WNT en yndirekt ek Weijnen fan in Germaanske ē¹ útgeane, binne der neffens my twa feiten dy't dêr net alhiel mei lykje te striken:

-
4. Teoretysk soe /v/ ek noch streekrocht út /ð/ ûntstean kinne, mar algemien geane Hollânsk en Sieusk /v/ yn wurdbegjin op in âldere /f/ tebek, dat ik sjoch gjin reden om dêr yn dit gefal ek net fan út te gean.
 5. Der bestiet yn de Nederlânske dialektology fanâlds nochal wat wjerstân om de Noard-seegermaanske substraattaal fan Hollân en mûlk sels ek Seelân gewoan Frysk te neamen. Ek al doch ik dat hjir al, dan mei dat Frysk net samar lykslein wurde mei it letter út noardliker en eastliker kriteren oerlevere Aldfrysk.

- I. de foarmen yn Súdholân en Seelân, dy't in oar lûd hawwe as ornaris wurden mei Germaansk \bar{e}^1 .
- II. de Sylter en Hilgelanner foarmen mei /e:/ ynstee fan nei-inoar /i:/ en /e.ə/.

Om mei it lêste te begjinnen: yn alle Fryske dialekten, útsein it Eilânnoardfrysk, kin sletten /e:/ op sawol Germaansk \bar{e}^1 as op Germaansk \bar{o} + umlaut tebek gean en kinne wy gjin ferskil sjen. De Wlfr. foarmen *tieke-* en *Tike* (mei [i.ə] en [i:]) passe yn it byld fan de ûntjouwing fan Aldfrysk /e:/ foar /k/. Tink oan de fariaasje yn *briek - briik, stiek - stiiik*.

De beoardieling fan de Eilânnoardfryske gegevens freget apart omtinken. It Afr. hie in sletten /e:/ en in iepener lûd /æ:/. Afr. /e:/ ûntstie út Germaansk \bar{o} mei umlaut (foarbyld Frysk: *grien*)⁶ en /æ:/ út Germaansk /ai/. Lykas sein waard yn de measte Fryske dialekten Germaansk \bar{e}^1 ta /e:/, mar krekt yn it Eilânnoardfrysk ta /æ:/ (Hofmann 1964, 163).

Tabel. De ûntjouwing fan Afr. /e:/ en /æ:/ yn it Eilânnoardfrysk (ôfwikende lûdûntjouwings binne tusken kante heaken set)

	Hilgelân	Sylt	Föhr-East/ Amrum
Aeilnfr. /e:/ < Germ. \bar{e} + umlaut: <i>grien</i>	green	green	green
Aeilnfr. /e:/ < Germ. \bar{e} + umlaut: <i>sykje</i>	seek	[sjuk]	[sjúk]
Aeilnfr. /e:/ < Germ. \bar{e} + umlaut: <i>broek</i>	brek	[hos]	brek/[boks]
Aeilnfr. /æ:/ < Germ. \bar{e}^1 : <i>spraak</i>	spreek	[spraak]	spriak
Aeilnfr. /æ:/ < Germ. \bar{e}^1 : <i>sliepe</i>	sleap	sliip	sliap
Aeilnfr. /æ:/ < Germ. ai: <i>teken</i>	teeken	teeken	tiaken
Aeilnfr. /æ:/ < Germ. ai: <i>bleek</i>	bleak	bleek	bliak
Aeilnfr. /æ:/ < Germ. au + umlaut: <i>reek</i>	reak	[rook]	riak
* <i>thēke</i>	teek	teeki	tiak/siak

6. Yn de measte dialekten koe /e:/ ek út Germaansk \bar{u} + umlaut ûntstean, mar krekt net yn it Eilânnoardfrysk. As lêste mooglikheid is der Germaansk \bar{e}^2 , mar dat seldsum lûd, dat him benammen ta in oantal iere Latynske lienwurden en de doetiid fan in oantal sterke tiidwurden beheint, kinne wy hjir ek gewurde litte.

It Frysk fan Föhr en Amrum is it regelmjittichst en wiist foar **thēke* op Germaansk \bar{e}^1 . Yn it Hilgelânsk en Sylterfrysk binne de patroanen wat minder skerp, mar Germaansk \bar{e}^1 soe dêr ek goed passe. Al mei al hat Germaansk \bar{e}^1 yndie de bêste papieren.

Utgeande fan it idee dat wy hjir mei in wurd út it Noardseegermaansk substraat te krijen hawwe, is de foarm *vêék*⁷ (êê stiet foar [I:]) dan wol opmerklik. As men Súdholânsk en Sieusk /æ:/ foar Germaansk \bar{e}^1 as Noardseegermaansk ferskynsel beskôget, dan moat in wurd mei /i:/ dochs in oar komôf hawwe. Of wy moatte op basis fan sa'n substraatwurd konkludearje dat de moderne Súdholânske en Sieuske [æ:] net de streekrochte fuortsetting fan in Noardseegermaanske [æ:] < Germaansk \bar{e}^1 is, mar in lettere ûntjouwing. Wy wite lykwols net krekt hoe't dy substraattaal der útseach, dat it bliuwt lestich om allinnich op basis fan dat wurd hurde konkúzjes te lûken.

De troch Weijnen neamde foarm *daok* sil wol foar Oerisel jilde en berêst nei alle gedachten op in oanpassing fan Aldfrysk **thēke* oan it Saksysk.⁸

Gearfetsjend: Nei alle gedachten giet it stamlûd yn Aldfrysk **thēke*⁹ op Germaansk \bar{e}^1 tebek.

5. It einlûd

Ik ferûnderstel dat it Aldfryske wurd op in /ə/ útgong. Dat is basearre op it foarkommen fan in einichste /ə/ yn *Tieke(-lân, -tille, -sloot)* en *De Tike* en yn âlder Nederlânsk *veeke* (WNT). Yn 'e regel falt in einichste Aldfryske /ə/ yn hast alle dialekten ôf, mar yn it Westerlauwerske Frysk kin er gauris stean bliuwe, tink oan *strjitte* < Aldfrysk *strēte*, *tsjerke* < Aldfrysk *tzerke*. It wurd kin as stoffoantsjutting gjin meartal hawwe, dus dêrfan kin de -e yn *Tieke* net komme. It einlûd /ə/ is basearre op it foarkommen fan in einichste

7. Sa skriuwt it Sieusk wurdboek it (Ghijssen). Neffens it wurdboek hat hiel Seelân [I:], útsein in lytse tippe fan Duiveland, dat [æ:] hat. De stavering <êê> wurd ek brûkt yn bygelyks de wurden foar 'stien' en 'breed'.

8. It Drintsk wurdboek (Kocks 1996) jout *daok(e)(n)* as 'reidtek'. It wurd komt formeel mei Aldfrysk **thēke* oerien, mar de betsjutting leit wat fierder ôf, al hawwe wy mei reid ek noch mei organysk materiaal te krijen dat oan in wettermiljeu bûn is. It fokalisme wiist op in âlde lange /a:/ en net op rutsen /a/ yn iepen wurdliid (ferl. Drintsk *haver* 'hjouwer'). Om't in Germaansk **pēk-* fierders nearne oerlevere is, soe dat wurd berêste moatte op in ûntliening en oanslutend oanpassing oan it Nedersaksysk fan Aldfrysk *theke* (ferl. ek par. 4 en 6).

9. Om krekt te wêzen wurdt dan de rekonstruearre Aldeilânnoardfryske foarm **theke*.

/ə/ yn Frysk *Tieke(lân)* en *De Tike* en fierders op de âldere Nederlânske foarm *veeke*.¹⁰

Yn de measte dialekten (Sylterfrysk, Mooringer Frysk, Eastfrysk Leechdútsk, Hollânsk West-Frysk en Sieusk, yn de lêste twa ek as *de*-wurd) binne de oanbelangjende foarmen ûnsidich. It lidwurd *de* soe yn it Wlfr. komme kinne fan de útgong *-e*; wurden op *-e-* binne yn 'e regel yn it Wlfr. net ûnsidich (Tiersma 1999, 42). Mar oarsom soe it ek kinne dat in *de*-wurd as stofsjoantsjutting ûnsidich wurdt (tink oan *de stien* = konkrete objekt en *it stien* = stofsjoantsjutting). Aldfrysk **thēke* soe in langstammige *ja*-stam wêze kinne. Dy gongen yn it Aldfrysk yn 'e regel op *-e* út (Sjölin 1969, 31). It Yslânsk kin in oantal foarbylden fan ûnsidich *ja*-stammen dy't kwa umlaut en ablaut hiel goed by in Aldfrysk **thēke* oanslute soene (ferlykje aansen §7):

mæti 'kwaliteit' < **mätja-* by *meta* 'wurdearje' (5e klasse sterke tiidwurden)

næmi 'ûnthâld' < **nāmja-* by *nema* 'nimme, leare' (5e klasse sterke tiidwurden)

6. De betsjutting en romtlike synonimen

De betsjuttings fan de wurden *veek*, *deek*, *teek*, ensfh. komme fierhinne oerien: it giet om benammen organysk oandriuwsel op it strân of om plantesteren op of by sleatten en marren lâns, dat dan faak wer op it lân telâne komme kin troch slatten of oerstreaming. Yn it Hilgelânsk is it: "Weiche Masse zusammengepreßter Seepflanzen, die sich schneiden läßt, wird auf der Düne [eilân nêst it sânstiennene haadeilân] gefunden" (Siebs 1909). Dat komt suver op turf del. Turf is droege fean en fean bestiet ommers ek út ûnfertarde planteresten.

Nuvergenôch fine wy it wurd yn it Westerlauwersk Frysk net, útsein dan dus yn in tal toponimen. Yn it Wlfr. komme de wurden (*w*)*jolm* en *kriik* foar mei deselde betsjutting as *veek*, *teek* ensfh. yn oare talen en dialekten. It Skiermûntseagersk hat foar oandriuwsel *túel*, dat etymologysk lykslein wurde kin mei Wlfr. *toel* 'bruine, veenachtige aardlaag' (Zantema 1984). Dêr giet it dus ek om organysk materiaal sa't him dat op of yn it wetter befynt, dan wol de boaiemlaach dy't dêrút ûntstien is. Foar de oare eilannen haw ik gjin spesifike wurden fine kinnen.

10. De *-i* yn it Sylterfrysk *teeki* is grif sekondêr; *-i* wurdt wol gauris taheakke as in foech affektyf suffiks (meidieling Jarich Hoekstra).

Mei it each op de oerienkommende semantyk is it nijsgjirrich om nei de etymology fan dy oare wurden te sjen. Oer *jolm* hat Buma (1968) skreaun. Hy bringt (*w*)*jolm* mei *wâle* en *wâlje* yn ferbân, mei sibben troch it hiele Germaansk. It is neffens him ôflaat fan in Yndo-europeeske woartel dy't 'draaie' betsjut. De grûnbetsjutting is dan noch it bêst werom te sjen yn de beskriuwing dy't Halbertsma jout (oanhelle by Buma 1968, 69): "..., meermolm, deze fijngemalen veenstof zweeft tusschen water en wind in de Nederlandsche meiren;...". As *kriik* etymologysk identyk is mei Nederlânsk *kreek* (sa't it WFT foarsichtich ûnderstelt¹¹), komme wy fia Yslânsk *krókur* 'bocht' en latyn *gurges* 'maalstroom' op deselde wâljende en draaiende grûnbetsjutting út as by *jolm*. Spenter (1968, 224) is oer de etymology fan *túel* en *toel* foarsichtich, mar tinkt ek yn dit gefal oan in Yndo-europeeske woartel mei de betsjutting 'draaie'.

Gearfetsjend kinne wy sizze dat *veek*, *deek*, *teek*, ensfh. yn it Wlfr. in oantal semantyske parallellen hat: (*w*)*jolm*, *kriik*, *túel/toel*. Opfallend dêrby is dat alle trije mei in grûnbetsjutting 'wâlje, draaie' yn ferbân brocht wurde.

De Wymbritseradielster foarmen *deek-* (dy't op grûn fan har begjinlûd oan it Hollânsk ûntliend wêze moatte) kinne ek yn betsjutting wol oanslute by de oare *veek-*, *deek-* en *teek-*gefallen, om't de stikken lân dêr't se op slane ticht oan it wetter lizze. De foarmen dy't yn it Wlfr. lûdwettich Aldfrysk *thēke* fuortsette (*Tiekelân*, *Tike*), lizze yn it binnenlân. Dêr moatte wy earder tinke oan de betsjutting 'fean'. De oergong fan de iene nei de oare betsjutting sjogge wy ek al wat yn de Hilgelanner betsjutting werom en ek yn de ûnderskate betsjuttings dy't Skiermûntseager *túel* en it etymologysk identike Lânfryske *toel* hawwe.

7. Utstel ta in etymology fan Afr. *thēke

Neisneupen yn ûnderskate hoeken fan it Germaanske taalgebiet hat gjin direkte wjergaders fan in ûndersteld Germaansk **pēk-* opsmiten.¹² Ek in foarm mei /f/, dus **fēk-*, smiet neat op.¹³ Safier liket it wurd frij eksklusyf Frysk. Foar sibben yn oare Germaanske talen sille wy dus om wurden sykje

11. Nei alle gedachten op gesach fan Franck-Van Wijk, *Etymologisch Woordenboek der Nederlandsche Taal*, 1912, sjoch it artikel oer *kreek*.

12. Of it moast it neamde Drintske *daok* wêze, dat my lykwols te bot op himsels stiet en te ticht by it Fryske taalgebiet.

13. It Yslânske *frúka* 'stowe' past kwa betsjutting moai by de wurden dy't 'draaie, wâlje' betsjutte, mar is besibbe oan mhd. *fochen* 'blasen' en is ôflaat fan in woartel mei dyselde betsjutting (IOB). Boppedat is in ablaut ferhâlding Germ. /eu/ - /e'/ net gongber.

moatte dy't yn in ablautferhâlding ta ús Frysk wurd steane. De fariaasje Germaansk a - ē¹ komt foar yn de wurdfoarming en de 4^e en 5^e klasse fan sterke tiidwurden (Boer 1918, 88-90). In foarbyld út de wurdfoarming is Nederlânsk *meten* - *mat* - *maat* (Frysk *mjitte*). By in haadwurd mei Germaansk ē¹ past dus in tiidwurd mei /a/ as stamfokaal. By in ûndersteld Germaansk *þēk- heart dan *þakjan = Ndl. *dekken*. Sa binne wy dus wer útkaam by de etymology dy't Weijnen ek al joech, nammentlik dy fan 'bedeksel', dat wol sizze 'guod dat op it wetter driuwt en it bedekt'.

8. Konklúzje

Wlfr. *tieke*- en *Tike* hearre by in rige wurden dy't foarkomme by de hiele súdlike Noardsee lâns. Yn it Aldfrysk wie it *thēke. De betsjutting is oarspronklik dy fan 'materiaal dat it wetter bedekt, yn 'e regel biogeen en dêrom brûkber as dong of brânje'. Parallel oan it wurd *toel* hat ek *thēke yn it binnenlân nei alle gedachten de betsjutting 'fean' krige (sjoch ek de taheakke). De lûden yn alle ûnderskate fynplakken binne it bêst te ferklearjen troch út te gean fan in Germaansk ē¹. De wiksel tusken /v/ en /d/ en /t/ dy't him foardocht yn de ûnderskate foarmen is binnen it Frysk en Noardseegermaansk net ûngebrûklik. Yn dit gefal liket de /þ/ primêr. It wurd stiet yn ablautferhâlding ta wurden as Ndl. *dak* en (*be*)*dekken*. De ablautfoarm fan Germaansk *þak- mei /ē¹/ is allinnich yn dit oanbelangjende 'Grut'fryske wurd fûn.

Taheakke: tjiik

By it wurk oan it WFT kaam it neikommende wurd foar it ljocht, mei as ienichste fynplak it Lexicon Frisicum A fan Halbertsma (item 700 + registerferwizing)

'Tjiik, turf m.', yn it register as 'tjyk'.

Fia dat wurd bin ik op boppesteande etymology fan in Aldfrysk *thēke kaam. Wylst de Wlfr. toponimen *deek*-, *diek*-, *tieke*-, *Tike* formeel folslein mei de rekonstruearre foarm yn it lyk binne, jildt dat foar *tjiik* of *tjyk* net. It

lûd strykt nammentlik net alhiel mei wat ferwachtsje kinne soene by Afr. /ē/. Yn in gearstalling soene wy noch */tjIk/ < /ti.ək/ of /tik/ < /ti:k/ ferwachtsje kinne. De foarmen by Halbertsma lykje - al moatte wy de útspraak efternei riede - de foarmen /tji:k/ en /tjik/ wer te jaan, wylst dat wy út Afr. **thēke* de moderne foarmen */tjIk/, /ti.ək/, */tik/ en /ti:k/ ôfliede kinne. Foar it oare slute sawol de betsjutting as de fierdere foarm moai op 'e etymology fan **thēke* oan.¹⁴

It is altyd nuodlik om yn sokke gefallen dan mar in ferskriuwing of fersin oan te nimmen. In eksakte rekonstruksje is meast net mooglik, mar ik hâld in fersin fan Halbertsma by it optekenjen fan dit wurd dochs foar it meast wierskynlike.

Fryske Akademy
Ljouwert

¹⁴ Rekonstruearre Aldfrysk **thiäk(e)* of **tziäk(e)* < Germ. **þeuk-* of **keuk-* of Aldfrysk **tzēke* < Germ. **kV:k-* komme ek net yn 'e beneaming, om't dy foarmen yn it Nijfrysk yn Halbertsma syn stavering allegear de begjinkloft /tsj/ opsmite.

LITERATUER

- Århammar, N. 1969 "Die friesischen Wörter für 'Rad'". Yn: *Kopenhagener Germanistische Studien* 1, 35-84.
- Berkel, K. van & K. Samplonius 1995 *Nederlandse plaatsnamen*. Utrecht.
- Boer, R.C. 1918 *Oergermaansch handboek*. Haarlem.
- Böning, H. 1998⁴ *Plattdeutsches Wörterbuch für das Oldenburger Land*. Oldenburg.
- Buma, W. 1968 "Nijfrysk jolm". Yn: *Us Wurk* 17, 69-70.
- Franck-Van Wijk 1912 *Etymologisch Woordenboek der Nederlandsche Taal*.
- Ghijssen, Ha. C.M. s.j. *Woordenboek der Zeeuwse dialecten*. Den Haag.
- Halbertsma, J.H. s.j. *Lexicon Frisicum A: 600-reg.* [typoskript Fryske Akademy]
- Hofmann, D. (1964) 1964 "'Germanisch' ê² im Friesischen". Yn: *Festschrift Jost Trier*, Köln-Graz, 160-185.
- ÍOB = Ásgeir Blöndal Magnússon 1989 *Íslensk orðsifjabók*. s.p.
- Kocks, G.H. 1996 *Woordenboek van de Drentse dialecten*. Assen.
- Löfstedt, E. 1928 *Die nordfriesische Mundart des Dorfes Ockholm und der Halligen*. Lund.
- Pannekeet, J.A. 1984 *Westfries Woordenboek*. Wormerveer.
- Siebs, Th. 1909 *Helgoland und seine Sprache*. Cuxhaven.
- Sjölin, B. 1969 *Einführung in das Friesische*. Stuttgart.
- Spahr van der Hoek, J.J. 1962 "Toponymen yn Eastermar". Yn: *Fryske Plaknammen* 13, Ljouwert, 23-27.
- Spenter, A. 1968 *Der Vokalismus der akzentuierten Silben in der Schiermonnikooger Mundart*. Kopenhagen.
- Tiersma, P.M. 1999² *Frisian Reference Grammar*. Ljouwert.
- Vries, J. de & F. de Tollenaere 1997²⁰ *Etymologisch Woordenboek*. Utrecht.
- Weijnen, A. 1996 *Etymologisch dialectwoordenboek*. Assen.
- WFT = 1980- *Wurdboek fan de Fryske Taal*. Ljouwert.
- WNT = 1900 *Woordenboek van de Nederlandsche Taal*. 's-Gravenhage, Leiden.
- Wolters-Noordhoff 2000 *Grutte Provinsje Atlas fan Fryslân*. Grins.
- Zantema, A. 1984 *Frysk wurdboek*. Ljouwert.